




1. Frysk is in offisjele taal. Jou dêr omtinken oan!

-  Meitsje bygelyks in Frysktalich ferkiezingsprogram
-  Ynformaasje fan Ryksoerheid moat ek yn it Frysk

2. *“Wêr komst wei en fan wa bist ien?”*

-  Friezen kinne oare Friezen, set dêrom in Fries op in ferkiesber plak!

3. Friezen hawwe in romrofte skiednis.

-  Frysk ûnderwiis: Neist it Frysk as ynstruksjetaal op alle Fryske skoallen ek de ynhâld fan it fak skiednis feroarje en dêr ek Fryske skiednis jaan. De ynspeksje moat dêr op tasjen (dat kin ek wol in Fryske ynspeksje wêze!)


Hee lanlike politisy!  
Al los mei de tariedings foar de ferkiezings?  
Hjir in pear tips út Fryslân!



4. *“Wat de boer niet kent....”*

-  Komme jimme allinnich nei ‘Het Hoge Noorden’ foar stimmelekerij?  
Bliuw dan mar thús; dêr traapje wy net yn.

5. *“It bêste lân fan d’ ierde”*

-  No ja.. Hjir wenje yn alle gefallen wol in soad sûne en lokkige minsken! Soe dat ferbân ha mei ús lânskip? Hâld der yn alle gefallen rekken mei. Gjinn enerzjyfabryk, bliksem!

6. No’t wy it dochs oer it libben hawwe: foarsjennings op doarpen binne essinsjeel foar de leefbaarheid! Haw noed foar de bibleteken, skoallen, ...